

It doel

De toolkit fan Global Citizenship and Multilingual Competences (GCMC) is in Erasmus+ projekt mei partners yn Eastenryk, it Feriene Keninkryk, Nederlân, Italië en Dútslân (2020-2023). It doel is om online neiskoallingshulpmiddels oan te bieden foar middelbere skoallearkrêften fan alle fakken oer hoe't sy sawol doelen fan wrâldboargerskipedukaasje (global citizenship education, GCE) as ek meartalige pedagogyk yn harren lesjaan yntegrearje kinne op in duorsume wize.

Us hope is dat de online kursus en toolkit learkrêften en lerare-oplieders foarsjen sil fan praktyske ideeën hoe't sy wrâldboargerskip en meartalige pedagogyk ûnderdiel meitsje kinne fan harren lesjaan.

De online kursus bestiet út fiif units foar de profesjonele ûntwikkeling fan learkrêften en fiif oerienkommende units mei praktyske ideeën foar it lesjaan. De tema's dêrfan binne:

1. Lokale en mondiale kwestjes ferbine
2. Ekofeardigens befoarderje
3. Bylden beskôgje: represintaasje en krityske fisuele feardigens
4. Erkenning fan ferskaat: op wei nei ynklusyf en meartalich lesjaan yn middelbere klassen
5. Nepnijs ûntdekke troch kritysk te lêzen.

Learkrêftemodule

Der binne fiif units dêr't learkrêften mei oan de slach kinne om te learen oer it ûnderwerp en kwestjes hoe't der lesjûn wurdt yn wrâldboargerskipsedukaasje en meartalige pedagogyk. Dy units foar profesjonele ûntwikkeling wurde oanbean op in ynteraktive en online wize op de GCMC-webside.

Elke unit set útein mei de oerkoepeljende doelen en útkomsten. Units bestean út fjouwer ta seis aktiviteiten mei elk maksimaal trije opdrachten. De online kursus foar learkrêften hat handige hulpmiddels, tips foar learkrêften en selsrefleksje-opdrachten.

Wy riede oan om te begjinnen mei de earste unit "Lokale en mondiale kwestjes ferbine" en de aktiviteiten op folchoarder te dwaan. Dy earste unit befettet nammentlik de yntroduksje ta wrâldboargerskip en meartalige kompetinsjes en foarmet sadwaande de basis foar de oare units. Units 2-5 kinne dien wurde yn hokfoar folchoarder dan ek. Nettsjinsteande dat it materiaal makke is sadat learkrêften it selsstannich dwaan kinne, riede wy it learkrêften oan om mei-inoar oan de modules te wurkjen om sa foardiel by te hawwen fan de diskusje en

ekstra refleksje. Wa't in akkount oanmakket en ynlogt kin antwurden opslaan, foarútgong byhâlde en earder makke units op elk momint op 'e nij besjen.

Lesmodule

Der binne boppedat fiif units mei lesmateriaal oer deselde ûnderwerpen as yn de Learkrêftemodule. De lesmodules biede praktyske ideeën, lesaktiviteiten en detaillearre hânliedings hoe't de ûnderwerpen en opdrachten tapast wurde kinne yn 'e klasse. Elke unit, lykas elke aktiviteit, jout it doel en útkomsten oan. Der binne ek in oantal wurkblêden dy't út te printsjen binne foar gebrûk yn 'e klasse. Dy wurde oanbean yn de fiif projektalen: Ingelsk, Frysk, Nederlânsk, Italjaansk en Dútsk. Teffens wurde der mooglike oanpassings oantsjuten foar spesifike fakken lykas ierdrykskunde, wiskunde, skiednis en biology. Dy wurde allyksa oanbean yn de projektalen.

It lesmateriaal is benammen rjochte op middelbere skoallearlingen (10-18 jier âld)

It lesmateriaal kin yn hokfoar folchoarder dan ek brûkt wurde.

The Global Citizenship and Multilingual Competences (GCMC) Toolkit

Learkrêftemodule

Unit 1

Lokale en mondiale kwestjes
ferbine

Unit 2

Ekofeardigens befoarderje

Unit 3

Bylden beskôgje: represintaasje
en krityske fisuele feardigens

Unit 4

Erkenning fan ferskaat: op wei
nei ynklusyf en meartalich
lesjaan yn middelbere klassen

Unit 5

Nepnijs ûntdekke troch kritysk
te lêzen

Lesmodule

Unit 1

Lokale en mondiale kwestjes
ferbine

Unit 2

Ekofeardigens befoarderje

Unit 3

Bylden beskôgje:
represintaasje en krityske
fisuele feardigens

Unit 4

Erkenning fan ferskaat: op wei
nei ynklusyf en meartalich
lesjaan yn middelbere klassen

Unit 5

Nepnijs ûntdekke troch kritysk
te lêzen

Brûkersjochten

De lesmaterialen binne klear om del te laden en binne fergees. Wy moedigje lykwols elkenien oan om de materialen oan te passen nei de eigen kontekst. Al it byldmateriaal dat brûkt wurdt hat in Creative Commons (CC) lisinsje by de orizjinele auteur.

De stipe fan de Europeeske Kommisje foar de produksje fan dizze publikaasje stiet net lyk oan it goedkarren fan de ynhâld. De ynhâld is in werjefte fan de stânpunten fan de auteurs en de Kommisje kin net oanspraaklik steld wurde foar it eventuele brûken fan de dêryn opnommen ynformaasje.